



## **Beliedsnota**

**lepen learmiddels (OER), Yn 'e eigen taal, op  
'e eigen wize**



**AUTEURS**

Monique Udnaes, Gard Titlestad en Øystein Johannessen

**YINPUT**

Yn de ûntwikkelfaze ha projektpartners en gâns ynternasjonale eksperts ynput levere. Tank oan har allegearre!

**PROJEKTPARTNERS**

**Cor van der Meer, Marit Bijlsma**, Fryske Akademy, Nederlân (projektkoördinaasje)



**Katerina Zourou, Giulia Torresin, Ioannis Lefkos**, Web2Learn, Grikelân (projektmanagement)



**Elena Shulman, Valentina Garoia**, Europeesk Skoalnet, België



**Sylvi Vigmo, Linda Bradley**, Universiteit fan Gothenburg, Sweden



**Malgorzata Kurek, Anna Skowron**, Jan Długosz Universiteit, Poalen



**Vaiva Zuzeviciute**, Mykolas Romeris Universiteit, Litouwen



**Gard Titlestad, Monique Udnaes, Øystein Johannessen**, Ynternasjonale Ried foar Iepen en Langeôfstânsûnderwiis, Noarwegen



**Anne-Christin Tannhäuser**, Europeeske Stifting foar Kwaliteit yn E-ûnderwiis, België



**Sanita Lazdina, Ilga Suplinska**, Rezekne Ynstitút foar Heger Underwiis, Letlân

**GRAFYSK ûNTWERP**

**Stefanos Xenakis** [www.steartworks.com](http://www.steartworks.com)

**OERSETTING**

**ANNE POPKEMA** [www.taalburopokema.nl](http://www.taalburopokema.nl)

## Folgje ús



TWITTER [#LANGOER](https://twitter.com/LANGOER)



Slideshare [LangOER](https://slideshare.net/LANGOER)



Mendeley [LangOER: OER and languages](https://www.mendeley.com/collections/LANGOER-OER-and-languages)



Diigo Group [Best content in OER and languages](https://diigo.com/group/Best-content-in-OER-and-languages)



Facebook [LangOER Teachers group](https://www.facebook.com/LangoerTeachersGroup)



[langoer@eun.org](mailto:langoer@eun.org)



De lisinsje foar dizze publikaasje berêst by [Creative Commons Attribution 4.0 Ynternasjonale Lisinsje](https://creativecommons.org/licenses/by/4.0/).



Dit projekt is finansierd mei stipe fan de Europeeske Kommisje. De folsleine ferantwurdlikheid foar dizze publikaasje berêst by de auteurs; de Kommisje is net ferantwurdlik foar hokfoar gebrûk dan ek fan de ynformaasje dy't it befettet.

Publikaasjedatum: 7 jannewaris 2015. Te sitearjen as: **Udnaes, M., Titlestad, G., Johannessen, Ø. (2014). Policy Brief - Open Educational Resources in your Own Language, in your Way.** LangOER consortium <http://langoer.eun.org/>.

## 1.0 Gearfetting

De tagonklikheid fan ûnderwiis en fan Iepen Learmiddels (*Open Educational Resources*, hjirnei: OER) stiet yn in soad Europeeske lannen hieltiten heger op de aginda; der wurdt yn oanwinnende mjitte prioriteit oan jûn. OER jilde net mear as in râneferskynsel yn it ûnderwiis, mar meitsje yntusken diel út fan de wrâldwide algemiene edukaasje.<sup>1</sup> Mar de ûntwikkeling fan OER yn oare as de wrâldtalen – benammen Ingelsk – bliuwt dêrby benefetter.

Mei it each op it nasjonaal belang fan OER yn de eigen talen, dogge wy de folgjende oanrikkemandaasjes oan **regearings**:

- **De foarming fan nasjonaal belied foar OER yn lytsere talen.**
- **It fasilitearjen – yn oparbeidzjen mei de partikuliere, publike en ûnderwiissektor – fan merkpleinen en gearwurkingsplatfoarmen foar heechwaardige OER.**
- **Oanstjoering by de ûntwikkeling fan iepen kaders en noarmen om sadwaande de keppeling te fersoepeljen tusken opslach en ynset fan OER (it oanbieden én oannimmen fan learmateriaal, kompatibele applikaasjes en oanpasbare tsjinsten)**

OER ha grutte foardielen boppe oare learmiddels. Men kin se opslaan, werbrûke, wizigje, gearfoegje of fierder ferspriede, want OER:

- kinne sûnder juridyske tûkelteammen kear op kear fergees ynset wurde
- meitsje ûnderwiisdielnimmen tsjin lege kosten mooglik
- meitsje kwaliteitsgarânsje fan te brûken learmiddels mooglik
- fersterkje ynnovaasje, kreativiteit en duorsum gebrûk
- meitsje de flugge ûntwikkeling fan kursussen en programma's mooglik
- drukke de kosten fan (foar in part) online oanbean ûnderwiis
- kinne, troch de digitale levering, op elts stuit kwalitatyf heechwaardich materiaal beskikber stelle

## 2. Ynliding

### 2.1. Begrypsbepaling

*Open Educational Resources* (OER), oftewol Iepen learmiddels, wurde as folget definiearre yn de *2012 Paris Open Educational Resources (OER) Declaration*: “ûnderwiis-, lear- en ûndersyksmateriaal yn hokker medium dan ek, digitaal of oars, dat him befynt yn it publike domein of dat frijjûn is ûnder in iepen lisinsje dy't kosteleas tagong, gebrûk, wizigjen en werferdielen troch treden tastiet mei gjin of amper beheining. It idee fan iepen lisinsjes is yntegraal ûnderdiel fan besteande juridyske

<sup>1</sup> Weller M. (2014). The battle for Open. <http://www.ubiquitypress.com/site/books/detail/11/battle-for-open>

ramten oangeande yntellektueel eigendom, konform de definysjes yn de oanbelangjende ynternasjonale konvinsjes, wêrtroch't it auteurskip fan it wurk respektarre bliuwt”.

Sawol *Massive Open Online Courses* (MOOCs) as OER foarmje wichtige pylders ûnder it iepen ûnderwiis. Yn dizze nota beheine wy ús ta de lêste.

Yn hiel Europa lit him de needsaak fiele om OER yn lytsere talen te ûntwikkeljen. Foar de befolkings fan de measte Europeeske lannen jildt dat óf de lânstaal in lytsere taal is (yn ferlykjen mei de wrâldtalen en de meast brûkte talen – benammen it Ingelsk) lykas Estysk, Noarsk of Roemeensk, óf der sprake is fan ien of mear lytsere taalmienskippen, lykas de Friezen of de Sami.

## 2.2. De notiidske situaasje


De ôfrûne jierren ha ûnderskate Europeeske regearings strategyen/beliedslinen ûntwikkele of ferklearrings oannaam oangeande “iepen” ûnderwiis. Net mear as yn inkelde gefallen wurdt dêrby spesifyk referearre oan OER.

Op ynternasjonaal nivo ha UNESCO en de *Commonwealth of Learning* (CoL) yn 2012 it *World OER Congress* organisearre. By dy gelegenheid is de *Paris OER Declaration* oannaam, dy't regearings wrâldwiid oanfiteret om de lisinsjes frij te jaan foar learmateriaal dat finansierd is mei publike middels. Ien fan de oanrikkemandaasjes wie “it fuortsterkjen fan strategyen en beliedslinen mei betrekking ta OER en it stimulearjen fan spesifyk belied – binnen bredere ûnderwiisbefoarderingsstrategyen – mei betrekking ta produksje en gebrûk fan OER.” Koarter lyn ha direkteuren, rektoaren en (vice)foarsitters fan in soad hegerûnderwiisinstellings oer de hiele wrâld de ICDE en UNESCO oproppen om troch te setten mei it oantrunen fan regearings om “it gebrûk fan OER te stimulearjen.”<sup>2</sup>

Yn Europa wurde OER stipe troch de Europeeske Kommisje, troch de wei fan it inisjatyf *Opening Up Education*. Dêrmei wurde lear- en ûnderwiismetoaden stimulearre dy't gebrûk meitsje fan ict en digitale content, benammen wat it ûntwikkeljen en beskikber stellen fan OER oangiet. It rapport (okt. 2014) fan de *High-Level Group on the Modernisation of Higher Education* fan de Europeeske Uny beklammet it belang fan “folsleine en frije tagonklikens fan edukative middels; by publike tenders soe iepen lisinsje in ferplichte betingst wêze moatte, sadat content oanpast, reprodusearre en op oare plakken brûkt wurde kin” (oanrikkemandaasje 13).

Alhoewol't op it heden al gâns in soad ûnderwiismiddels as OER beskikber binne, is it noch altiten net gebrûklik dat dêrby oare talen as it Ingelsk brûkt wurde – lit stean lytsere talen.

<sup>2</sup> ICDE Media press, 5 december 5 2014. [www.icde.org/Bali\\_message](http://www.icde.org/Bali_message)



Ofb. 1: It tal wurken ûnder Creative Commons-lisinsje is tanaam, fan 50 miljoen yn 2006 oant (yn de kommende jierren) mear as 1 miljard. By de telling binne alle soarten materiaal ynbegrepen.<sup>3</sup>

As de strange UNESCO-definysje fan OER tapast wurdt, is it byld op nasjonaal nivo net gunstich foar de measte lannen dy't opfierd wurde yn it rapport oer heechwaardige OER yn lytsere talen – in ûndersyk dat mei stipe fan LangOER EU útfierd is.<sup>4</sup> Likegoed binne der yn Europa goede inisjativen op it mêd fan OER te finen: Federica<sup>5</sup> yn Itaalje, Periodica yn Letlân (Letsk Nasjonale Digitale Biblioteek)<sup>6</sup>, NDLA yn Noarwegen<sup>7</sup>, Scholaris yn Poalen (it meast sprekkende foarbyld fan in troch de oerheid finansierd platform foar OER)<sup>8</sup>, RURA yn Frankryk<sup>9</sup> en Wikiwijs yn Nederlân<sup>10</sup>.

### 3. Hokker foardielen hat in regearing fan it oannimmen, befoarderjen en stimulearjen fan OER yn lytsere talen?

#### 3.1. Mear effisjinsje

De Organisaasje foar Ekonomyske Gearwurking en Untjouwing (OECD)<sup>11</sup> ferwachtet dat "frij dielen de ûntwikkeling fan nije learmiddels mear faasje jout, ynterne ferbettering,

<sup>3</sup> <https://stateof.creativecommons.org/report/>

<sup>4</sup> LangOER publications & reports. Open Educational Resources (OER) in less used languages: a state of the art report - July 2014 <http://langoer.eun.org/resources>

<sup>5</sup> <http://www.federica.unina.it>

<sup>6</sup> <http://www.federica.unina.it>

<sup>7</sup> <http://www.ndla.no>

<sup>8</sup> <http://scholaris.pl>

<sup>9</sup> <http://www.eul.education.fr/consultation/presentation/present/index.html>

<sup>10</sup> <http://wikiwijsleermiddelenplein.nl>

<sup>11</sup> OECD's report: Giving knowledge for free: the Emergence of Open Educational Resources". <http://www.oecd.org/edu/ceri/givingknowledgeforfreetheemergenceofopeneducationalresources.htm>

ynnovaasje en werbrûken stimulearret en de oangeande ynstelling helpt om it materiaal en it ynterne en eksterne gebrûk derfan goed by te hâlden.”

Sintrale opslachplakken fan OER yn regionale talen lûke ynformele learlingen oan en meitsje it ferskil tusken ynformeel learen en offisjele ûnderwiisprogramma's lytser. Sokke opslachplakken biede ek kânsen om in libben lang leare te kinnen, en stypje trochgeande profesjonele ûntjouwing.

It Barcelona Inisjatyf is in EU-beliedsinisjatyf op it mêd fan meartaligens. It stribbet dernei dat eltse boarger twa ekstra talen behearsket, neist de memmetaal. Dit EU-belied is in krêftich pleit foar it ûntwikkeljen fan OER yn lytsere talen; it is boppedat yntegraal ûnderdiel wurden fan alle oare EU-beliedsfjilden, lykas kultuer, jongerein, maatskiplike partisipaasje, in libben lang learen en wurkgelegenheid.

Fierder jildt dat, as de effisjinte wurking fan OER yn de praktyk oantoand is, OER har fluch ferspriede sille oer alle ûnderwiissystemen – en dêrbûten. Ut in ynfographic oer de ûntjouwing fan OER docht bliken dat dy har al sûnt de begjinfaze (1992-2002) oer it universiteitssysteem ferspraat ha, en dêrnei yn sterk tanimmende mjitte ek oer oare ûnderdielen fan it edukatyf stelsel.<sup>12</sup>

### 3.2. Tanimmen fan de lear- en ûnderwiiskwaliteit

“It ynsetten fan de memmetaal fan it bern yn it offisjele ûnderwiis is ien fan de wichtichste betingsten foar in goede learkarriêre en de yntellektuele ûntjouwing,” sa UNESCO.<sup>13</sup>

Soks soe regearings oantrune moatte om it online brûken fan de memmetaal te befoarderjen. Mar út it ûndersyk fan Kornai<sup>14</sup> docht bliken dat “nettsjinsteande de grutte mooglikheden fan it ynternet om yn oare talen te learen, likegoed minder as 5 prosint fan de notiidske talen op ynternet brûkt wurdt.”

It brûken fan OER yn lytsere talen kin oplieders en learlingen derta bringe om krityske refleksje ta te passen en har boppedat te bejaan yn it pedagogysk debat oer de ferbettering fan lear- en ûnderwiiskwaliteit. It feit dat OER fannijs brûkt wurde kinne – ek yn nije kombinaasjes – ûnderstrekke de essinsjele rol fan dosinten yn de ûntwikkeling en ferbettering fan sok materiaal.

### 3.3. Mooglike besparrings

Underwiismiddels dy't út publike middels finansierd binne en in lisinsje as OER krigen ha, liede – neist de streekrochte besparring fan it net fannijs finansiere te hoegen – ta

<sup>12</sup> <http://elearninginfographics.com/history-open-educational-resources-infographic/>

<sup>13</sup> 2008 UNESCO report- Mother tongue matters: local language as a key to effective learning.

[http://www-01.sil.org/literacy/mother\\_tongue\\_matters.htm](http://www-01.sil.org/literacy/mother_tongue_matters.htm)

<sup>14</sup> <http://www.washingtonpost.com/blogs/worldviews/wp/2013/12/04/how-the-internet-is-killing-the-worlds-languages/>

grutte foardielen en maksimalisearing fan it rendemint op de ynvestearing (*return on investment*).

Nei oanlieding fan de *Paris OER Declaration* út 2012 ha Sir John Daniel, de eardere CEO van de *Commonwealth of Learning*, en David Killion, de Amerikaanske ambassadeur fan UNESCO, yn july fan dat jier it folgjende skreaun yn *The Guardian*: “Trochdat se oanpasber en frij tagonklik binne, kinne OER helpe om de wrâldwide ûnderwiiskrisis op te lossen en by te dragen oan duorsume ekonomyske groei – as regearings alteast ta aksje oergean wolle.”

Foar studinten foarmje OER in kostebesparing op harren stúdzjeboeken. “Iepen stúdzjeboeken ha studinten al 110 miljoen dollar besparre,” sa Creative Commons<sup>15</sup>. Der binne ek oare ûndersiken publisearre dy’t in rûzing befetsje fan de mooglike kostebesparing foar studinten troch de wei fan stúdzjeboeken mei iepen lisinsje<sup>16</sup>. Yn in sifermjittich oersjoch fan de *OER Research Hub* wurdt steld dat “88,4% fan de learlingen seit dat de mooglikheid om fergees te studearjen fan ynfloed west hat op harren beslút om OER te brûken.”<sup>17</sup> Wat ynstellings oangiet: bgl. it *Broward College Online* besparret jierliks 250.000 dollar troch de wei fan skoalboeken mei iepen lisinsje.<sup>18</sup>

### 3.4 Kânsen kwa ynnovaasje

“79,4% fan de dosinten brûkt OER om nije ideeën en ynspiraasje op te dwaan,” sa it niisneamde sifermjittich oersjoch fan de *OER Research Hub*.

OER biede ek romte foar nije toetsingsfoarmen. G. Conole en U. Ehlers stelle dat “ynstellings dy’t iepen learmetoaden hantearje, hieltiten faker OER brûke. De learynhâld wurdt fêststeld mei help fan bygelyks kollegiale feedback en krityske hifking troch fakgenoaten.”<sup>19</sup>

OER biede mooglikheden foar fierdere mobiliteit binnen Europa. De OER-mienskip fan UNESCO befêstiget dat it gebrûk fan OER yn pleatslike talen gâns kânsen biedt; tink oan taalbeskerming en -revitalisaasje, taalûnderwiis en taalûntjouwing om earmoede te bestriden.<sup>20</sup>

<sup>15</sup> <https://stateof.creativecommons.org/>

<sup>16</sup> <http://www.siyavula.com> and <http://education.gov.za/SiyavulaTextbooks/tabid/886/default.aspx>

<sup>17</sup> <https://oerresearchhub.files.wordpress.com/2014/11/oerrh-evidence-report-2014.pdf>

<sup>18</sup> Broward College Online Case Study: <http://www.oiconsortium.org/projects/showcases/oer-at-broward-college-online/>

<sup>19</sup> <http://www.icde.org/filestore/Resources/OPAL/OPALEhlersConoleNamibia.pdf>

<sup>20</sup> Oates, L. (2009). Coming up short in the OER movement: African Language OERs <http://ojs.stanford.edu/ojs/index.php/a2k/article/view/449/275>

Troch content en kennis op in oare wize te ferdielen wurdt ûnderwiisynnovaasje befoardere, sa Dirk van Damma – OECD/CERI<sup>21</sup>. Men kin OER as in maatskiplike (earder as technyske) ynnovaasje beskôgje, mei de potinsje om it ûnderwiis stadichwei (earder as revolúsjonêr) om te foarmjen – as oansletten wurdt by de notiidske stân fan kennis fan it learproses en by it ferlet fan dosinten. Van Damma is fan betinken dat OER sjen litte hoe't maatskippijen, kenniswurkers en oplieders yn de takomst kennis ferwurkje sille: diele, oparbeidzje, praktyk-communities, ensafuorthinne.

#### 4. Wat binne de grutste útdagings foar regearings by it oergean nei en befoarderjen fan OER yn lytsere talen?

##### 4.1. Tekoart oan belied en beliedsramten en it oerbringen dêrfan nei it útfieringsnivo

Ut POERUP-oersjoggen fan beliedslineen yn Europa oangeande it oergean op OER docht bliken dat der “mar in hiel bytsje aktyf nasjonaal belied bestiet; dêr't wól sprake is fan nasjonaal belied oangeande iepen ûnderwiis, wurdt gjin spesjale melding makke fan OER.” Ut ûndersyk blykt dat hegerûnderwiisynstellings “it konsept fan OER in waarm hert tadrage en it wol in kâns jaan wolle”<sup>22</sup>, mar dêrby wol ferlet ha fan stipe op nasjonaal/ynstellingsnivo.

It oerbringen fan belied nei útfiering fereasket in beskate mjitte fan tawijing; net allinne fan regearings, mar ek fan ynstellings en yndividuele persoanen. Inisjativen út it fjild moatte troch nasjonale beliedsinisjativen stipe wurde, en oarsom: belied dat yn yntinsjeferklearrings stykjen bliuwt, laat net ta resultaten. In goed foarbyld is Wikiwijs, in “OER-platfoarm foar dosinten, dat troch it Ministearje fan OKW opset is foar de ûntwikkeling en it gebrûk fan OER en de ferbettering fan de tagonklikens fan digitale learmiddels”<sup>23</sup>.

Feroaring en herfoarming begjinne gauris op it snijflak tusken top down-inisjativen en bottom up-aksjes. Om inisjativen yn it fjild te generearjen, binne nasjonale beliedslineen wol wier needsaaklik. “Der binne gâns top down-inisjativen om de oergong fan OER oan te trunen (benammen as it om iepen skoalboeken giet), mar foarbylden fan bottom up-belied bliuwe dêrby benefter.”<sup>24</sup>

Der is gâns foarútgong makke by it iepenlizzen en befoarderjen fan OER, mar de resultaten wurde foar in part drukt troch ferset tsjin dy iepenheid. Beliedsmjittige tuskenkomst kin dan fertuten dwaan om it klimaat fan ferset om te bûgjen en de kant

<sup>21</sup> <http://www.slideshare.net/OECD/EDU/open-educational-resources-sharing-content-and-knowledge-differently-is-a-driver-of-innovation-in-education>

<sup>22</sup> <http://www.onlinelearningsurvey.com/reports/openingthecurriculum2014.pdf>

<sup>23</sup> <http://www.slideshare.net/GrainneConole/promoting-policy-uptake-for-oer-and-moocs>

<sup>24</sup> OER Research Hub, OER Evidence Report 2013-2014



fan mear dialooch en gearwurking op te stjoeren, sawol op nasjonaal as op ynternasjonaal nivo.

#### 4.2. Te min kennis fan oanwêzigens, gebrûk en effekt kwalitatyf heechwaardige OER

“Yn it Frânske pedagogyske systeem binne iepen learmiddels fanâlds by 't soad foarhannen, mar dosinten likemin as learlingen witte fan it bestean derfan of kenne de goede wize om dy op 'e nij te brûken.”<sup>25</sup>

Ien fan de grutste útdagings foar it gebrûk fan OER is de fynberens derfan; de opslachsystemen fan OER dy't harsels al bewiisd ha, binne net goed bekend.<sup>26</sup>

Der bestean amper oersjochsystemen fan OER dy't ferlykber binne mei POERUP, de *OER Research Hub*<sup>27</sup> of de LangOER-projekten. It effekt fan sokke systemen wurdt ûndersocht, bygelyks mei it ûndersyksprojekt OER4D. It is dreech om feedback te krijen fan brûkers fan OER, om't de middels meastal frij tagonklik binne, sûnder dat men jinsels earst registrearje moat. Fan gefolgen binne de measte oersjochsûndersiken ôfhinklik fan frijwillige feedback.

“By in breed ûndersyk ûnder Amerikaanske hegerûnderwiisynstellings is de kwaliteit fan OER rûchwei as ferlykber mei dy fan tradisjonele learmiddels beoardiele”, sa E. Allen en J. Seaman. “De grutste behindering foar in bredere oergong nei OER leit noch altiten yn de persepsje fan de ynstelling fan de tiid en muoite dy't it kostet om materiaal te finen en te beoardieljen.”<sup>28</sup>

Men mei oannimme dat lytsere merken foar OER (lykas dy yn lytsere talen) minder kâns fan oerlibjen ha as gruttere merken, dêr't it Ingelsk dominant is. Dochs litte de Katalaanske en Welske merken foar OER krekt it tsjinoerstelde byld sjen: ek al is de merk lyts, dochs kinne OER har dêr hanthavenje en sels groei.

#### 4.3. Talige en kulturele tûkelteammen foar (wer)brûken fan OER

Gauris wurde talen earder as behindering as as foardiel sjoen, bygelyks om't guon útfierenden net goed witte hoe't se omgean moatte mei meardere talen yn ien klaslokaal. Ek realisearje in soad har noch altiten te min dat meartaligens in ferriking foar it ûnderwiis wêze kin.

Om de meartalige en lytsere taalmienskippen fan Europa te berikken moatte de learmiddels 'reisree' wêze – dat wol sizze dat se oerdraachber en oanpasber binne. Se moatte yn oare as de oarspronklike kulturele en talige kontekst ynset wurde kinne. In mooglikheid is om OER oer te setten, mar de oersetting fan edukative middels docht de

<sup>25</sup> <http://unesdoc.unesco.org/images/0022/002286/228649e.pdf>

<sup>26</sup> OER Research Hub <http://oerresearchhub.org>

<sup>27</sup> OER Research Hub <http://oerresearchhub.org>

<sup>28</sup> <http://www.onlinelearningsurvey.com/reports/openingthecurriculum2014.pdf>

eigen kenniskultuer ûnderstek. Dê't OER net yn lytsere talen foarhannen binne, sille learlingen en oplieders op de dominante talen weromfalle, wat op syn bar laat ta ferswakking fan it edukatyf systeem yn lytsere talen.

#### 4.4. Tekoart oan goede modellen

Fragmintearing, de benaudheid foar minne kwaliteit, in tekoart oan inisjativen, in lytse merk ensfh., se binne te bestriden mei in ekologyske benadering fan de produksje en ynset fan heechwaardige OER. Noarwegen hat sa'n model ûntwikkele (sjoch kader 3) foar it heger fuortset ûnderwiis. De grûnslach foar dat model is de oertsjûging dat ûnderwiis in publike saak is en dat de ûntwikkeling fan learmateriaal mei publike middels barre moatte soe. Sadwaande kin it materiaal ûnder in Creative Commons-lisinsje útbrocht wurde en stiet it dus iepen foar (wer)brûken, kombinearjen, oanpassing en fierdere fersprieding. Sa'n ekosysteem foar OER befoarderet de soepele ûntjouwring derfan yn de rjochting fan algemiene, brede tapassing. De Nasjonale Digitale LearArena (NDLA) wurdt yn de oanrikkemandaasjes beskreaun; sjoch paragraaf 5.2.

#### 4.5. It konsept fan iepen dielen wurdt noch net yn syn hiele hear en fear begrepen, oernaam en ferankere yn it ûnderwiissysteem

De kultuer en gewoanten fan de tradisjonele druk- en útjouwerswrâld wurde oerbrocht nei de digitale wrâld, om't in koersferlizzing nedich is. OER wurde – mei rjocht en reden – beskôge as konkurrinsje foar de útjouwerswrâld. It konsept fan iepen dielen wurdt noch net yn syn hiele hear en fear begrepen, oernaam en ferankere yn it ûnderwiissysteem.

### 5. Beliedsoanrikkemandaasjes

Troch ferskate partijen binne al stikken skreaun dy't op belied rjochte binne en ynspirearjend wurkje kinne by it ûntwikkeljen fan nasjonale beliedslinen foar OER: de *EU High Level Group*<sup>29</sup>, *Open Policy Registry*<sup>30</sup> (foarbylden fan goedkard belied op it nivo fan it lân sels en syn nasjonale ynstellings), *Open Policy Network*<sup>31</sup> (skewielt beliedsmakkers mei in ynstrumintarium foar beliedsûntwikkeling en -beoardieling, dat ûntwikkele is troch OER Africa). Het mienskiplike beliedsfoarum fan ICDE/UNESCO<sup>32</sup> docht ferskate beliedssuggestjes foar in holistyske benadering fan iepen ûnderwiis, OER en frije tagonklikens.

De lânsrapporten fan UNESCO IITE<sup>33</sup> befetsje oersjoggen, takomstperspektiven en oanrikkemandaasjes; in foarbyld is it rapport oer Frankryk, útbrocht yn oktober 2014.

<sup>29</sup> *EU High Level Group calls for targeted funding to boost use of new technologies in higher education.*  
[http://europa.eu/rapid/press-release\\_IP-14-1188\\_en.htm](http://europa.eu/rapid/press-release_IP-14-1188_en.htm)

<sup>30</sup> Open policy registry: [https://wiki.creativecommons.org/OER\\_Policy\\_Registry](https://wiki.creativecommons.org/OER_Policy_Registry)

<sup>31</sup> Open policy Network: <https://openpolicynetwork.org>

<sup>32</sup> [http://icde.org/en/b7C\\_wRrOXp.ips](http://icde.org/en/b7C_wRrOXp.ips)

<sup>33</sup> Touzé S. (2014). Open educational Resources in France: Overview, perspectives and Recommendations. UNESCO IITE: Moskou. <http://unesdoc.unesco.org/images/0022/002286/228649e.pdf>

## Us konklúzje is dat, om in geunstich klimaat te skeppen foar de oergong nei OER yn lytsere talen, in regearing:

- nasjonaal belied formulearje moatte soe foar OER yn lytsere talen;
- yn gearwurking mei de partikuliere, publike en ûnderwiissektor merkpleinen en gearwurkingsplatfoarmen foar heechwaardige OER fasilitearje moatte soe;
- de ûntwikkeling fan iepen kaders en noarmen oanstjoere moatte soe, om sadwaande de keppeling tusken it opslaan en it ynsetten fan OER soepeler te meitsjen (it oanbieden én oannimmen fan learmateriaal, kompatibele applikaasjes en oanpasbere tsjinsten)

### 5.1. Regearings soenen nasjonaal belied formulearje moatte foar OER yn lytsere talen

Om de foardielen fan OER hielendal te benutten binnen de kontekst fan har eigen taal/talen, soenen regearings in holistysk en gearhingjend belied ûntwikkelje moatte foar de ûntwikkeling en it gebrûk fan OER yn de eigen talen. Sok belied moat essinsjele saken behannelje, lykas finansiering, kapasiteit en iepen dielen, en eventuele formele saken. Ek soenen stimulearrings-, rapportaazje- en toetsingsynstruminten ferdiskontearre wurde moatte yn it nasjonale belied en it belied fan ynstellings.

Alhoewol't wy ús by ús oanrikkemandaasjes konsintrearje op nasjonale beliedskarren, binne ek beliedskarren op regionaal, mienskips- en ynstellingsnivo essinsjeel foar de oergong nei en ynset fan OER.

Belied foar it frij brûken fan OER yn lytsere talen is in krúsjale faktor foar in suksesfolle oergong nei OER en optimaal benutten fan de foardielen derfan.

#### Kader 1. Foarbyld iepen skoalboeken: OER-inisjativen út West-Kanada

“Yn april 2014 ha trije West-Kanadeeske provinsjes in oerienkomst tekene foar de gearwurking en útwikseling by it gebrûk en de oanpassing fan OER. Dêrby wurdt fuortboud op de stipe dy't it Ministearje fan Foardere Underwiis fan British Columbia yn oktober 2012 bean hat foar de produksje fan iepen skoalboeken foar de 40 bêstbesochte earste- en twaddejers fakken fan it provinsjaal post-sekundêr ûnderwiissysteem. Yn maaie 2014 is oan it inisjatyf finansiering takend foar nochris 20 skoalboeken foar feardigenstrainingen en technyske programma's. It Ministearje fan Underwiis fan Alberta hat boppedat 2 miljoen tasein foar stipe fan OER, yn oparbeidzjen mei de oare provinsjes.” Rory McGreal, ICDE-learstoel foar OER.

## Kader 2. Nederlân: it Wikiwijs-inisjatyf

"Wikiwijs is in top down-programma, yn 2008 oankundige troch it Ministearje fan OKW. Alle content dy't it befettet wurdt beskikber steld ûnder in Creative Commons Nammefermelding- of Nammefermelding-LykDiele-lisinsje. Wikiwijs garandearret de kwaliteit troch de wei fan kollegiale hifking en ek troch kwaliteitskeurmerken dy't troch oare organisaasjes sertifisearre wurde. It doel fan Wikiwijs is net allinne de ûntwikkeling en ynset fan OER, mar ek it stypjen fan dosinten by de profesjonalisearring en produksje fan harren eigen ûnderwiismateriaal of kursussen. Fia dit systeem ha Nederlânske dosinten 650.000 fakynhâldlike boustiennen en 35.000 folsleine lessen ta har foldwaan krigen. Robert Schuer fan de Iepen Universiteit koe by it beliedsdebat fan Creative Commons oer "Really Open Education" by it Europeesk Parlemint yn febrewaris 2014 melde dat de Nederlânske regearing koartlyn in programma ôfkundige hat dat jierliks 1 miljoen euro beskikber stelt oan iepen en online-ûnderwiis op it nivo fan it heger ûnderwiis."<sup>34</sup>

### 5.2 Regearings soenen yn oparbeidzjen mei de partikuliere, publike en ûnderwiissektor merkpleinen en gearwurkingsplatfoarmen foar heechwaardige OER fasilitearje moatte.

De OER-mienskip en mooglike oare belanghawwenden yn OER fertoane net in soad ûnderlinge gearhing en ha net in soad platfoarmen ta har foldwaan foar gearwurking, finansiering en ûntwikkeling. Op lânsnivo kinne regearings en nasjonale tsjinsten oerwege om stimulearringsmaatregels foar netwurken yn te setten. Soks kin as katalysator fungearje foar tanimmende gearwurking en ynnovaasje oangeande OER. By sok oparbeidzjen moat ek oan mooglike privaat-publike partnerskippen tocht wurde.

By it oerwegen fan modellen en konsepten foar platfoarmen en merkpleinen kin fuortboud wurde op besteande, suksesfolle struktueren, lykas it Noarske NDLA-model. Foar modellen dy't de oergong nei OER yn lytsere talen stimulearje wolle, moat mei de folgjende saken rekken holden wurde:

- Yn it hiele ûntwikkelings- en gebrûksproses fan OER moat plak ynromme wurde foar hegerûnderwiisynstallings, dosinten en de ûnderwiissektor yn syn totaliteit
- It oanmeitsjen en gearstallen fan OER
- As soks relevant is: it gebrûk fan oantúgd materiaal fan al of net publike ynstallings
- Kwaliteitsgarânsje
- Opslach


<sup>34</sup> <http://oerpolicy.eu/really-open-education-policy-discussion-in-the-european-parliament-18th-february-2014>

- Gebrûkersfreonlike tagong
- Sinjlearjen fan nije winsken oangeande OER

### Kader 3: Foarbyld fan in eko-model foar OER op nasjonaal nivo: de Nasjonale Digitale LearArena (NDLA) yn Noarwegen

Yn 2006 hat it Noarske Ministearje fan Underwiis en Undersyk oankundige dat it 50 miljoen Noarske kroanen reservearje wol foar digitale learmiddels yn it heger fuortset ûnderwiis. Troch oanpaste wetjouwing is de ferantwurdlikheid foar drukte en digitale learmiddels by de provinsjebestjoeren komme te lizzen. Dy ha in gearwurkingsferbân oprjochte foar it leverjen fan iepen digitale learmiddels. Dy gearwurking is de tsjintwurdige NDLA. Sawol de merk as de dosinten en learlingen binne yn it proses behelle. Op 't heden berint it jierlikse budzjet sa. 8 miljoen euro. De NDLA is opset as firtuele organisaasje. De provinsjes fersoargje yn 'e mande de administrative stipe, om sa de kosten te beheinen.

De NDLA is in publyk gearwurkingsferbân, yn behear by 18 (fan de 19) Noarske provinsjes. It doel is om alle fakken yn it heger fuortset ûnderwiis te skewielen mei heechwaardige digitale OER.



Ofb. 2: It foarbyld fan de NDLA yllustrearret hoe't publyk eigendom fan sawol it nasjonale skoalsysteem as in lanlik OER-lichem in duorsume merk foar sawol tradisjonele as iepen learmiddels stipet.

### 5.3. Regearings soenen de ûntwikkeling fan iepen kaders en noarmen oanstjoere moatte, om sadwaande de keppeling soepeler te meitsjen tusken it bewarjen en it ynsetten fan OER (it oanbieden én oannimmen fan learmateriaal, kompatibele applikaasjes en oanpasbere tsjinsten)

Om it potinsjeel fan OER hielendal te benutten, moatte OER-systemen en de opslach derfan iepen wêze foar gebrûk yn ûnderskate talen, kultueren en lannen.

Probleemleaze tagong ta heechwaardige OER yn ûnderskate ynstellings, talen en lannen is fan grut belang foar sawol learlingen, dosinten en hegerûnderwiisynstellings as foar it ûnderwiisysteem yn syn totaliteit; it soe boppedat oanpassing fan OER oan de oangeande kultuer makliker meitsje.

Om in probleemleaze tagong te krijen moat guon saken opinoar ôfstimd of oplost wurde, lykas: oersetting, semantyk, metadata, keppeling tusken platfoarmen en tagong ta de ynhâld.

De beskikberheid en it folme fan OER yn dominante talen lykas it Ingelsk moat net as bedriging sjoen wurde, mar earder as geunstich foar de ûntwikkeling fan OER dy't oan pleatslike talen en kultueren oanpast wurde.

Op opslachsystemen dy't tagong biede ta OER moatte lanlike en ynternasjonale standerts en klassifikaasjekaders tapast wurde, sadat de erkenning en it gebrûk meitsjen troch ferskillende ynstellings, talen en lannen soepel ferrinne kin. Sokke standerdisearre systemen foar it ymportearjen/eksportearjen fan OER kinne ek brûkt wurde om de beskikking oer it materiaal te krijen.

Lykas steld yn 4.1 foarmje de problemen om OER te finen, te boardieljen en te brûken in grutte útdaging foar de brede oergong nei OER. Neffens ús oertsjûging kin gebrûkersfreonlike, probleemleaze tagong ta OER in 'game-changer' wurde foar de edukative sektor.

Dit is earder in oanrikkemandaasje foar langetermynbelied, dy't al yn in ier stadium it omtinken fertsjinnet fan yntergûvernemintele organisaasjes en aktoaren, lykas UNESCO en de EU.

## Belangrike referinsjes

Bradley, L. & Vigmo, S. (2014). *Open Educational Resources (OER) in less used languages: a state of the art report*. LangOER consortium <http://langoer.eun.org/>

De los Arcos, B., Farrow, R., Perryman, L.-A., Pitt, R. & Weller, M. (2014). *OER Evidence Report 2013-2014*. OER Research Hub. <http://oerresearchhub.org/about-2/reports/>

Europeeske Kommissje. Parseberjocht: EU High Level Group calls for targeted funding to boost use of new technologies in higher education, Brussels 22 October 2014 [http://europa.eu/rapid/press-release\\_IP-14-1188\\_en.htm](http://europa.eu/rapid/press-release_IP-14-1188_en.htm)

Johnson, L., Adams Becker, S., Estrada, V., Freeman, A., Kampylis, P., Vuorikari, R., Punie, Y. (2014). *Horizon Report Europe- 2014 Schools Edition*. Office of the European Union and The New Media Consortium <https://ec.europa.eu/jrc/en/publication/eur-scientific-and-technical-research-reports/horizon-report-europe-2014-schools-edition>

POERUP project (2014). Sero Consulting, Deliverable D4.1, *Overview of European and international policies relevant for the uptake of OER*. [http://poerup.referata.com/w/images/POERUP\\_D4.1\\_Overview\\_of\\_European\\_and\\_international\\_policies\\_relevant\\_for\\_the\\_uptake\\_of\\_OER\\_v1.0.pdf](http://poerup.referata.com/w/images/POERUP_D4.1_Overview_of_European_and_international_policies_relevant_for_the_uptake_of_OER_v1.0.pdf)

Van Damme, D (2014). "Open educational resources: sharing content and knowledge differently as a driver of innovation in education" Iepeningsspeech op de OER Konferenz 2014. <https://wikimedia.de/wiki/OERde14/Programm/keynote>

## Oare referinsjes

Camilleri A., Ehlers U., Pawlowski J. (2014): *State of the Art Review of Quality Issues related to Open Educational Resources (OER)*. JRC Scientific and Policy Reports. <http://is.jrc.ec.europa.eu/pages/EAP/documents/201405JRC88304.pdf>

Daniel, J., Killion, D. (2012). *Are open educational resources the key to global economic growth?* The Guardian Professional, 4 july. <http://www.theguardian.com/higher-education-network/blog/2012/jul/04/open-educational-resources-and-economic-growth>

European Commission (2013). *The Opening up Education initiative* <http://www.openeducationeuropa.eu/en/initiative>

Kornai, A. (2013). *Digital Language Death*. [http://eprints.sztaki.hu/7564/1/Kornai\\_1\\_2441287\\_ny.pdf](http://eprints.sztaki.hu/7564/1/Kornai_1_2441287_ny.pdf)

Kozma, B. R. (2008). *Comparative Analysis of Policies for ICT in Education*. Yn Joke Voogt, Gerald Knezek (Eds.) *International Handbook of Information Technology in Primary and Secondary Education*, volume 20, pp 1083-1096. Springer

POERUP project (2014). Lân rapporten. [http://poerup.referata.com/wiki/Main\\_Page](http://poerup.referata.com/wiki/Main_Page)

Schwach, V., Mæsel, E. (2013). *Pensum i høyere utdanning – hvilke læremidler brukes? Kartlegging av praksis i utvalgte fag*. Rapport 29/2013. <http://www.nifu.no/files/2013/11/NIFUrapport2013-29.pdf>

Śliwowski, K., & Grodecka, K. (2013). *Open Educational Resources in Poland: Challenges and Opportunities*. UNESCO: Moskou. <http://iite.unesco.org/publications/3214727/>

UNESCO (2014). *Education For All Global Monitoring Report 2013/2014*. <http://www.unesco.org/new/en/education/themes/leading-the-international-agenda/efareport>

Wiley, D., Green C., & Soares, L. (2012). *Dramatically bringing down the cost of education with OER: How open education resources unlock the door to free learning*. Centre for American Progress and EDUCAUSE <https://www.americanprogress.org/issues/labor/news/2012/02/07/11167/dramatically-bringing-down-the-cost-of-education-with-oer/>

Zourou K. (2014). *Why do OER matter for less used languages?* Blog post, 11 july <http://blogs.eun.org/langoer/2014/07/11/why-do-oer-matter-for-less-used-languages>

#### Inkele oare relevante links

- UNESCO hat in toolkit foar beliedsmakkers op it mêd fan ICTyn ûnderwiis: <http://www.infodev.org/en/Project.11.html>
- Taalbelied yn Estlân: <http://www6.gencat.net/llengcat/noves/hm04primavera-estiu/docs/rannut.pdf>
- British Columbia Campus OpenED: <http://open.bccampus.ca/about-2/>
- Foarbyld fan in nasjonaal beliedsbeslút: Yndia: <http://www.col.org/blog/Lists/Posts/Post.aspx?ID=177>
- *Wales Open Education* yntinsjeferklearring, belangrike tasizzingen: [http://www.oerwales.ac.uk/?page\\_id=4](http://www.oerwales.ac.uk/?page_id=4)
- What is Open Education: [http://en.wikipedia.org/wiki/Open\\_education](http://en.wikipedia.org/wiki/Open_education)
- Mission of the Open University: <http://www.open.ac.uk/about/main/mission>
- OEC konsortium: <http://www.oeconsortium.org/about-oec/>
- UNISA OER Belied: <http://www.unisa.ac.za/default.asp?Cmd=ViewContent&ContentID=27755>
- OER op 'e UK Open University: <http://www.open.ac.uk/about/open-educational-resources/>